

FNP-fraksje
De hear K. Fokkinga

Ljouwert, 23 augustus 2016
Ferstjoerd, **23 AUG. 2016**

Ús merkteken : 01335337
Ôfdieling : Komplekse Ynfraprojekten
Opsteld troch : W.J.J .Boogholt / (06) 51 44 03 61 of w.j.j.boogholt@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beäntwurdig skriftlike fragen oer stremming bruggen Afsluitdijk

Achte hear Fokkinga,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 24 juny 2016, beäntwurdzje wy as folgt:

Fraach 1:

Underskriuwt it Kolleezje de analyse mei it ekonomyske belang foar Fryslân fan de auto-ferbining oer de Ofslútdyk, en de problematyk mei it krusende farferkear?

Antwurd fraach 1:

Ja. De A7 is fan wêzentlik belang foar de ûntsluting fan Fryslân. Fertraging en/of hinder moat op dy ekonomysk wichtige dykferbining safolle mooglik beheind wurde. Mar ek de ferkearsbrêgen en skutslûzen yn de Ôfslútdyk binne foar de skipfeart fan wêzentlik belang. It is de iennichste farferbining tusken Iselmar en Waadsee.

Fraach 2:

Is it Kolleezje ree om de problematyk mei de brêge-iepeningen by Rykswettersteat oan te kaarten?

Antwurd fraach 2:

Ja. Lykas jo bekend is, stribbet in brede regio nei in ferromming fan de slûzen op Koarnwertersân. Ûnderdiel fan dy ferromming is ek it ferfangen fan de besteande ferkearsbrêgen. Op it stuit is de regio aloan yn petear mei amtners op it Ministearje fan I&M en mei de minister fan I&M om de finansiering fan dat plan slutend te krijen. It ferwêzentlikjen fan dat plan hâldt ek yn dat it probleem mei de brêgen op Koarnwertersân út 'e wrâld holpen wurde sil. It ferfangen fan de ferkearsbrêgen by Den Oever dêrfoar is gjin ûnderdiel fan de regionale plannen en dêr bliuwt it risiko op steurings dus bestean.

Fraach 3:

Wat binne harren oerwagingen om de brêgen te draaien sa't it no giet?

Antwurd fraach 3:

It betsjinningsrezjym foar de brêgen en slûzen yn de Ôfslútdyk is 24 oere deis. De brêgen lizze yn in tijegebiet en djipstekkende skippen moatte de Ôfslútdyk by heechwetter kruse. Dat tijfinster skoot alle etmielen ien oere op en foarmet dus in natuerlike bloktiid foar de skipfeart. It tapassen fan bloktiden yn de brêgebetsjinning is dêrmei foar de skipfeart in net-winsklike maatregel.

Fraach 4

Sjogge hja ek oare mooglikheden dy't ta minder hinder liede?

Antwurd fraach 4:

Mei it each op de situaasje dêre is der in oare en ienfâldiger oplossing mooglik foar situaasjes as der steurings binne.

Sawol Koarnwertersân as Den Oever hawwe in noardlike en in súdlike ferkearsbrêge. Steurings treffe de noardlike en de súdlike brêge net altyd op itselde momint. Yn de ynfrastuktuer fan de diken by Den Oever en Koarnwertersân is dêr in foarsjenning wêrtroch't it ferkear nei de oare ryd baan omset wurde kin en kin dus fan de oare ferkearsbrêge gebrûk makke wurde. Sadwaande kin it ferkear oer de dyk de opkearde brêge mije. Dy oplossing is yn it gefal fan in steuring ridlik flot út te fieren en ferget allinnich dat út it stipepunt fan RWS wei, dat tichtby leit, in needploech ynset wurdt dy't de needsaaklike ferkearsmaatregels flot útfiere kin.

Fraach 5:

Soe it Kolleezje dêrby de mooglikheid fan bloktiden yn oerwaging jaan wolle, sadat it autoferkear yn de spits sûnder belemmering trochride kin?

Antwurd fraach 5:

Sjoch de beäntwurding fan fraach 3. It kolleezje is fan betinken dat Rykswettersteat yn it gefal fan steurings ynsette moat op in flotte omskeakeling fan it ferkear nei de oare ryd baan. Hjirfoer hawwe wy it noch net hân mei Rykswettersteat.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,


J.A. Jorritsma, foarsitter


A.J. van den Berg, sekretaris